

# DE HAVENSBANK



Januari 2011

In dit nummer o.a.

Puzzelaars op blz. 3

BvPF op blz. 5

'Stek(je) ûnder wetter' op blz. 7

'Alde Berend' op blz. 8

Najaarskampioen E1 op blz. 10

Ingezonden stuk op blz. 12

Bericht van de penningmeester op blz. 14

No de folsleine  
Havensbank ek op  
[www.wergea.com](http://www.wergea.com)

## Staatslotterijclub "Risico" 100 jier

Yn de hjerst fan it jier 1910 stutsen 10 Wergeaster middenstanners en boeren de koppen byinoar en besleaten ta de oprjochting fan in lotterijclub mei de namme "Loterijclub Risico" mei as doel; "*zich economisch te versterken*". De bedoeling wie dan om de moanne mei te lotsjen yn de Nederlandse Staatsloterij. Der waarden noch tsien lotgenoaten socht, ek middenstanners en boeren, en sa wie de ploech folslein.

Wêrom men mei de doelstelling "*zich economisch te versterken*" kaam, is foareast noch in riedsel. Yn Nederlân en dêrmei ek yn Fryslân wie it yn dy tiid wol sober libjen, mar der wie perfoarst noch gjin krisis. Men hie ommers bûten de Frânsk-Dútske oarloch Stien en de monargy soe bliuwe, doe 't yn 1909 de lettere keninginne Juliana berne waard en de earste wrâldoarloch moast noch komme. As wie it doe ek gelyk as no, dat it mear nea fol rekket.

Besletten waard om foar it earst yn jannewaris 1911 mei te lotsjen. Der waard in betelle boade oansteld dy 't it ynlijd by de dielnimmers ophelle en ien kear te let beteljen waard noch troch de fingers sjoen, mits mar betelle waard, mar by it twadde fersom waard men út de club set. Wêrom inkeld middenstanners en boeren? De priis fan ien staatslot wie yn dy tiid net om 'e nocht en dat koe in arbeider net betelje, as dêr koe der net oan meibetelje. En fansels, it wie ek gjin wizânsje dat boeren en middenstanners yn harren frije tiid mei arbeiders omgongen. De frije tiid dy 't arbeiders wol hiene waard, troch harren lange wurktiden, meastentiids trochbrocht op bêd. By it ferstjerren fan in lid waard oan de widdo, as oan de bern it tweintichste part fan de kas útkeard, mar as men op oare wize ophold krige men neat.

Wat ek nijsgjirrich is, dat de club yn de earste desennia inkeld út ateïsten, mennisten en herfoarmen bestie. De Roomsk-Katoliken hiene harren eigen club "Lotisico". Of dizze club yn 1910 ek al bestie, of miskien letter oprjochte waard as tsjinhinger fan "Risico", is net dúdlik. Men gong yn alle gefallen net as fijannen meiïnoar om. Dat blykt út de kasboeken doe 't der yn de tritiger-jierren fan de foarige ieu jild liend waard (fyftich gûne) troch "Lotisico" fan "Risico". Fan de earste tritich jier is der fierder net folle bekind, om 't der allinne noch in kasboek fan rêst. Wol bekind is dat der gjin grutte prizen fallen binne. Nei de twadde wrâldoarloch bliuwt it net allinne by lotsjen, mar knopet men der yn it kafee fan widdo frou Castelein twa skutjasjûnen oan fêst, yn oktober en maart. Ek waard op dizze jûnen de finansjele stân fan saken út de doeken dien en waarden, lykas hjoed de dei, dizze jûnen besletten mei foar elts in kop kofje en twa stikken bôle en in gehakbal.

De moaiste anekdoate út dy tiid dy 't te lêzen falt, is dat Jan Steenbeek de boeken neisjoen hat; "welke volgens de Heer Steenbeek in de beste orde zijn bevonden en stelt voor de Penningmeester Decharcie van betaling der club dienaangaande te doen, wel maakt hij eenige opmerkingen de Penningmeester aangaande, om in 't vervolg de cijfers wat duidelijker onder elkaar te plaatsen, daar 't voor hen moeilijk was uit de brand te komen. Verschillende stemmen uit de vergadering vragen de Voorzitter of de heer Steenbeek ook eenige uitlegging kan geven wat 't woord Decharcie inhoudt, waarop de Heer Steenbeek hiervan uitlegging doet en zegt dit op zijn grootscheeps en de Vergadering zich hierin maar moet berusten. Hierop het woordenboek te hebben opengeslagen door de Secretaris bleek dit woord onvindbaar te zijn zoodat het wel degelijk Grootscheeps zal zijn." Steenbeek sil de earstfolgjende kear te witten dwaan wat it betsjut en hoe as it skreaun wurde moat. In gearkomste letter wit Steenbeek noch hieltyd de antwurden net. Hy is dêrnei ek net lang lid mear bleaun.

Men tinkt net allinne mar oan eigen beurs, mar jout yn 1953 tsien gûne oan it rampefûns fan de oerstreaming yn Seelân en yn 1956, nei de Russyske ynfal yn Hongarije, in rynske jefte oan de Hongaarske flechtelingen.

Maandblad  
voor  
Wergea  
Warstiens  
Eagum

# TIJD OM TE KLUSSEN!



VAN DER  
**WERF**  
**W**  
DOE HET ZELF MARKT

**EEN COMPLEET  
PROGRAMMA  
VOOR UW  
BINNENWERK!**

Aftimmer materialen, plaatmateriaal,  
gipsplaten, vensterbanken, vaste kasten,  
isolatiemateriaal, laminaat- en  
houten vloeren, schuifdeurkasten  
op maat, kozijnen en deuren...

U kunt bij ons ruim parkeren  
en overdekt laden.  
Kom langs voor vrijblijvend  
advies!!

Bezoek onze site:  
[www.mvanderwerf.nl](http://www.mvanderwerf.nl)

**GROOT  
ASSORTIMENT**

**J.W. de Visserwei 1 • Grou • 0566 - 623324**

Uitvaartvereniging de laatste eer Wergea-Warstiens



opgericht 24-01-1924

aangesloten bij de Friese federatie van uitvaartverenigingen

"De laatste eer" verzorgt voor leden de uitvaart zoals ze dat zelf wensen.

*Dit zonder winstoogmerk.*

Daarvoor heeft de vereniging een aantal vertrouwde personen in dienst die onze leden kunnen bijstaan om een persoonlijke uitvaart te regelen.

Als lid kunt u tegen een vrij lage contributie een beroep doen op:

De bode van onze vereniging en  
aflegsters en dragers uit eigen dorp.

Vanaf 18 jaar dient men zelfstandig lid te zijn

Een lidmaatschap bij de vereniging is geen uitvaartverzekering.

Voor inlichtingen betreffende deze aangelegenheden kunt u vrijblijvend contact opnemen met

de secretaris van de vereniging

Dhr. J. de Boer, It Foarhûs 11, 9005 RS Wergea tel. 058- 2552506

de bode van onze vereniging is

Dhr. T. Bijlsma Easterein 3, 9263 PA Garyp tel. 0511-521336



**TEIJE DE BOER**

**ELKE DAG VERS!**

openingsstijden:

maandag gesloten

dinsdag tm vrijdag  
08:30 - 12:00  
13:00 - 18:00

zaterdag  
08:00 - 16:00

grote burens 21  
9005 PR Wergea

058 - 2551410 T  
058 - 2551925 F

[bakkerijdeboer@online.nl](mailto:bakkerijdeboer@online.nl) E

*Gewoon't lekkerst!*



Ek wurdt der yn dizze jierren einlik in grutte priis wûn. Tûzen gûne, in moai bedrach foar dy tiid. Om, foar my, ûnbekinde reden hâldt "Loterijclub Lotisico" op fan bestean en sa stadichoan drippe der leden fan dy club ús club binnen, û.o.: Kees Langhout, Siep Sinnema, Hendrik Langhout, ek allegearre wer middenstanners.

Ek moai te lêzen is dat op in jûn nei ôfrin fan it skutjassen alle dielnimmers fan Hedzer Castelein in sigaar oanbean krije en dat sy mei harren tweintigen yn 'e taap dan oan it smoken binne. Jo sjogge it foar jo; ien grutte blauwe reekwolk yn 'e taap. De earste arbeider dy 't yn 1955 as lid frege waard, miskien omdat hy ek tagelyk de sterkste man fan Wergea en fiere omkriten wie, wie Louw Wobbes. Syn lidmaatskip duorret "vanwege bijzondere omstandigheden" net lang en yn 1960 bedankt hy as lid. Mar feit is no wol dat der hieltyd faker ek net-middenstanners lid wurde. Wol bekind is, dat yn alle gefallen twa leden roeyard wurden binne om't sy gemien wiene mei it kaartjaan, ik sil beide nammen net neame, omdat der yn Wergea noch hieltyd neiteam fan dizze beide persoanen wennet.

In djiptepunt hat west mei de Frico-staking. De boeren en de Frico-arbeiders stiene sa fûl tsjininoar oer, dat dit foar twa Frico-arbeiders reden wie om der mei op te hâlden. Jierren letter binne beide lokkich wer lid wurden. Nijsgjirrich is om te sjen dat fan de hjoeddeistige leden guon heiten en sels pakes ek al lid wiene.

Mar no dus hûndert jier. Wy hiene graach mei de hiele club in skoftke nei de Bahama 's wollen, mar de pot liet dit net ta. De "Staatsloterij" waard troch ferskate bestjoersleden bestoekt om hjir wat oandacht oan te besteegjen, en wat noch moaier wêze soe, miskien ek in finansjele stipe te jaan, mar der waard hielendal net op reagearre, sels net iens in ôfwizing. Dit lit dan mar sjen dat ek de Staatsloterij inkeld en allinne mar in kommersjele ynstânsje is. Dan sels mar ta de ponge. Wy hawwe it feestlik barren mar beheind ta in sneontemiddei en sneontejûn.

18 Desimber 2010. Middeis in rûnlieding yn de "Blokhuispoort" en nei ôfrin skutjasse by Jaap Wesselius. Mei in hearlike kofjetafel waard it skutjassen efkes ûnderbrutsen en doe de lêste omlopen noch. Ynstee fan gehakprizen wiene der dizze jûn, om it jubileum dochs noch wat kasjet te jaan, rollades as priis. Mei stipe fan slachter Jan van der Wal en kafeebaas Jaap Wesselius hawwe wy in moai en noflik jubileum fiere kind.

Jelle Dijkstra

P.S.: Op de beide middensiden stiet in fotokollaazje, makke troch Feike Schuurman, fan de jubileumfiering en in groepsfoto fan de hjoeddeistige leden



f.l.n.r.; Adri Boermans, Dries Zwart, Geert van Wieren, Pyt Zwart, Jan G. de Boer, Appie Kerkstra, Johannes Hobma, Lolke van der Meer, Sipke Sapes de Boer, Fokke van der Meulen, Gerard Sinnema, Jan Sinnema, Auke van der Zweep, Tsjerk Nauta, Jelle Dijkstra, Sietse de Groot, Bareld Mud, Jan van den Berg, Loek Langhout, André Terpstra, Wiebe Sinnema, Durk Boekema (net oanwêzich; Anthony Biesterbosch).



# Klusbedrijf W. Bethlehem

Voor al uw werkzaamheden

-  Timmerwerk en verbouwingen
-  Schilderwerk en beglazing
-  Onderhoud en renovatie
-  Dak- en zinkwerk
-  Tuinwerk en bestratingen
-  Rioolproblemen
-  Verkoop bouw materiaal

Hilleburen 26  
9005 PV Wergea

Werkplaats:  
Fricoweg 3F  
9005 PC Wergea



06 - 22372881



058 - 2552601



[www.klusbedrijf-bethlehem.nl](http://www.klusbedrijf-bethlehem.nl)



[w.bethlehem9@chello.nl](mailto:w.bethlehem9@chello.nl)

## NU 13% BTW-voordeel!!!

Aangesloten bij de VLOK, vereniging van klussenbedrijven

## Omlaag met die maandlasten!

Voor betaalbare woonlasten komt u bij ons

De beste hypotheek is niet per definitie die met de laagste rente. Ook andere voorwaarden zijn van grote invloed op uw maandlasten. En de hoogte van die lasten bepaalt mede of u met de aankoop van uw huis een verstandige zet doet. Daarom kijken onze hypotheekadviseurs net even verder. Omdat u er niet alleen nu, maar ook in de toekomst moet kunnen blijven wonen.



Franklinstraat 21, Leeuwarden. (058) 280 02 03  
[www.hypotheekshop.nl/leeuwarden](http://www.hypotheekshop.nl/leeuwarden)

## DUIDELIJK VERHAAL



## WYW – Wurkgroep Ynternet Wergea

### Informatie avond beveiliging

Onlangs hadden wij in ons wifi-netwerk een probleem: vanaf één van de computers werd in grote hoeveelheden spam verstuurd.

We zijn bij een groot aantal abonnees langs geweest om computers te scannen op virussen en spyware. Tijdens deze actie bleek dat een flink aantal computergebruikers de beveiliging niet op orde had. Men internet, mailt en downloadt soms zonder enige vorm van bescherming! En dat is, om het zacht uit te drukken, niet verstandig.

Voor ons reden om nog eens een informatie avond te organiseren met als thema: beveiliging. Er zijn vele mogelijkheden om uw computernetwerk op een goede manier te beveiligen. Soms zit er bij de software die gekocht of geïnstalleerd is al een programma dat virussen of spyware opspoorde, soms is het mogelijk om redelijk goede programma's gratis te downloaden en soms is het verstandig om software te kopen of om op tijd updates binnen te halen. Graag willen we u hierover uitgebreid voorlichten.

Deze informatieavond is toegankelijk voor leden én niet-leden van WYW, de toegang is gratis (en de koffie ook). We stellen het wel op prijs dat u zich aanmeldt voor deze avond (via onderstaand mail adres). Indien u vragen over dit onderwerp hebt waar u deze avond graag een antwoord op wilt dan is het goed om de vraag van tevoren de mailen.

**De informatie avond is gepland op dinsdag 1 maart, 20:00 uur in Us Doarshûs.**

Arjen Agema  
Secretaris WYW  
[secretariaat@wergea.com](mailto:secretariaat@wergea.com)

## Big Band Two Towers Collective en Panties & Bretels

Op 6 februari kunt u genieten van een gezamenlijk optreden verzorgd door de big band uit Warga : 'Two Towers Collective en het koor 'Panties & Bretels uit Leeuwarden.

Waar : Debatcentrum De Bres, Schoolstraat 4, 8911 BH Leeuwarden  
Aanvang : 15.30 uur (zaal open 15.15)  
Prijs aan de zaal € 5.00 voorverkoop € 4.00 (bij leden koor en big band)

'Net Stinne, Hinne .....!

## Fan 'e redaksje.....

### Puzzelaars

De oudejaarspuzzel was een groot succes. Maar liefst meer dan 40 goede inzendingen kwamen bij de redactie binnen.

Enkele mensen hadden niet 15, maar 17 plaatsnamen gevonden, een klein foutje van de samensteller!

Hier volgt de oplossing:

Ee, Hee (Terschelling), Sneek, Zandhuizen, Echten, Schraard, Raard (bij Dokkum), Langweer, Ried, Lemmer, Oudega, Blija, Dijken, Oosterend, Sloten, Edens, Oudkerk.

De volgende personen hebben een Wergea Oerein bon gewonnen:

- Jeltsje Kerkstra
- Wietse Martens

Gefeliciteerd!



## SZDRNZLL

Sa as jimme miskien wol yn 'e gaten hân hawwe, is der dit jier gjin flesse-aksje west. Us ekskuses dêr foar, de flesse-aksje giet wol troch yn 2011 en wol op 12 febrewaris (en no echt)!

### Oare saken

Wy hawwe kryst en âld en nij wer achter de rêch, moaie omset, leuke minsken, moaie krystjurken en pakken en foaral sfear! Tige tank.

De nijjiersborrel waard ek drok besocht troch de wat âldere soosganger en dy ha wy, sa no en dan, noch graach efkes werom yn de jeugdsoos. Al mei al tige slagge, al sis ik dat sels.

As bestjoerslid giet de krystfakânsje as in spear foarby en oan 't ein fan de fakânsje hast 't gefoel das'to de soos net út west bist, mar wy ha it der allegearre graach foar oer.

As dizze Havensbank út is ha we it feestje:

**CARRIBEAN WEEKEND 2011  
18,19,20 februari!**

Vet later,  
It Bestjoer



# MARINUS L

AUTORIJSCHOOL MARINUS TERPSTRA

058 - 255 33 10  
06 - 55 367 025

De Golle 8, 9005 RT WERGEA

[www.marinusterpstra.nl](http://www.marinusterpstra.nl)

## Gastvrij de beste !

### Gasterij "de Waldwei"

Voor al uw

- Diners en Buffetten
- Bruiloften
- Partijen en
- Vergaderingen

**Fam. E. Smits**

Himpensermar 1, 9005 XL  
Wergea/Leeuwarden

Tel.: 058-2553030  
Fax : 058-2553020

## Technisch Totaal.



Beheer

Service

Installaties

Bezoek de website voor meer informatie en interessante, wisselende aanbiedingen

## Pier Duizendstra

Aldhiem 3. 9003 MD Warten

Tel/fax..058.2553077 Mobiel.06.51813478

<http://www.technishtotaal.nl>

Als het om **TECHNIEK** gaat en meer dan dat.

Verwarming installaties

Sanitair

Elektrische installaties


Keukens

Incl.bouwkundige aanpassingen  
en tegelwerk.

Voor complete renovatie van uw badkamer toilet en keuken

## JACHTWERF VAN DER WERFF

BONDSWERF SINDS 1881



- VERHUUR
- CAMPING
- REPARATIEWERF
- INBOUW MOTOREN
- JACHTHAVEN
- WINTEROPSLAG VOOR BOTEN
- SCHEEPS- EN VERFARTIKELEN
- EN HET ADRES VOOR DOE-HET-ZELF

Nieuwe Hoek 17 9005NA WARGA  
Tel. (058) 255 19 63 Fax. (058) 255 19 63



**Snackwagen Wergea!**  
**nieuwe eigenaar!**

**Onze nieuwe aanbieding 2011 is op dinsdag en woensdag!**  
**4x Patat 4x Frikandel of 4x Krokot alleen voor €7,95!**



Er zijn geen meldingen van actie en/of collectes.

### Jaarvergadering PBW

Op maandag 21 maart is de **jaarvergadering** er weer. Reserveert u die datum alvast? De agenda voor de jaarvergadering wordt in de volgende Havensbank vermeld. Op de site van [www.wergea.com](http://www.wergea.com) kunt u begin maart de benodigde stukken voor de vergadering alvast lezen en eventueel downloaden. Tevens is er de mogelijkheid om de stukken op te vragen bij de secretaris van PBW.

In december heeft PBW een gesprek gehad met woningstichting Elkien over de aangekochte grond in Grut Palma voor de sociale woningbouw. Elkien berichtte toen dat gezien de huidige marktsituatie deze plannen in de ijskast waren gezet. Elkien heeft nu plannen om de bouwactiviteiten betrekkelijk snel weer uit de ijskast te halen. Er is toestemming om woningen te bouwen die aan strenge energievoorwaarden voldoen. In de loop van dit jaar krijgen we hier meer informatie over.

De gemeente Boarnsterhim heeft besloten om een aantal rijksmonumenten welke eigendom van de gemeente zijn over te dragen aan een monumentenstichting. De reden hiervoor is dat een stichting meer subsidiemogelijkheden heeft voor onderhoud en restauratie van rijksmonumenten dan gemeenten. Hiervoor is de monumentenstichting Boarnsterhim opgericht. Dit betekent dat vanaf 1 januari 2011 deze stichting verantwoordelijk is voor het beheer en onderhoud van het urinoir aan de Grote Buren in Wergea.

PBW heeft contact gezocht met Veilig Verkeer Nederland (VVN) over de verkeersveiligheid van de fietsers op het fietspad ter hoogte van de brug Grut Palma (bocht). VVN, afdeling Fryslan heeft in september van vorig jaar een schouw genomen op de Wergeasterdyk. Men is tot de conclusie gekomen dat de brug zodanig is ontworpen en ingericht dat je met aanrijdsnelheid van 60 km/uur je probleemloos over deze brug kan rijden en dat ook de bocht aan de kant van Wergea aan de norm voldoet.

PBW heeft hierop gereageerd naar VVN afdeling Fryslan dat onze zorg ten aanzien van de fietsers niet is weggenomen.

De eindconclusie van VVN is en blijft dat het fietspad niet verkeersonveilig is. Met de bijvoeging in de email "*Op elke locatie kunnen ongelukken voorkomen, dit hoeft niet te betekenen dat de weg verkeersonveilig is ingericht. Wel kan het zijn dat dit fietspad subjectief als onveilig wordt beschouwd*".

Het bestuur van PBW vergadert één keer per maand in het Dorpshuis. De vergaderdatum wordt in de dorpsagenda vermeld. Heeft u vragen of zaken die van belang zijn voor PB dan is er de mogelijkheid om deze aan het begin van een vergadering in te brengen. Wellicht kunt u ook met één van de bestuursleden contact opnemen.

Pleatslik Belang Wergea  
p/a De Terp 4

## Oecumenische bijeenkomst in De Frissel te Wergea

**De bijeenkomst op 17 februari a.s. om 15.00 uur over 'Noach en de regenboog' door r.k. pastor Susan Boukema gaat niet door!! In plaats hiervan komt onderstaande bijeenkomst.**

### Thema: afscheid en begin

Op donderdag 3 februari 2011 wordt er om 3 uur 's middags een bijeenkomst gehouden in De Frissel te Wergea.

De bijeenkomst is bedoeld voor iedereen in Warten, Wergea, Warstiens en omgeving die in het thema geïnteresseerd is, ongeacht of je nu wel of niet tot een kerk behoort. De bijeenkomst staat namelijk in het teken van de Oecumene.

Drs. Alice Buizer Tchiengang zal die middag met u stilstaan bij het thema "*Afscheid en begin*".

Om iets nieuws te kunnen beginnen, moet je soms iets los laten, afscheid van iets nemen.

Neemt u indien mogelijk een voorwerp mee waaraan u een bijzondere herinnering hebt.

Namens de Raad van Kerken te Warten, Wergea en Warstiens, Drs. Alice Buizer-Tchiengang.

**Datum:**  
donderdag 3 februari 2011

**Aanvang:**  
15.00 uur

**Plaats:**  
De Frissel, Kerkbuurt 10, Wergea

Tot dan!



# Elzinga Garyp

## DIER & TUIN

*Gewoon gezellig winkelen!*

Greate Buorren 32 - 9263 PM Garyp - Telefoon 0511 521419  
[www.elzingagaryp.nl](http://www.elzingagaryp.nl)



## Willem Pool

Nijpaed 1 9003 ME Warten  
[info@wpbouw.nl](mailto:info@wpbouw.nl) [www.wpbouw.nl](http://www.wpbouw.nl)  
tel: 06-20811234 fax: 058-2894712

## Anne de Jong

Uitvaartzorg  
Zorgvuldig en met aandacht

Buurren 23 9012 DK Raerd  
[www.dejonguitvaartzorg.nl](http://www.dejonguitvaartzorg.nl)  
0566 - 602922 Dag en nacht bereikbaar



Streetdance  
Bodyjump  
Fitness  
Zumba  
Bodyburning  
Dames Fitness  
F&F Club  
Spinning  
Powerpump  
Personal Trainer



Openingstijden voor fitness:  
ma t/m vrij : 14.00 t/m 21.30 uur  
zaterdag : 10.00 t/m 14.00 uur  
wo en do : 09.00 t/m 12.00 uur

Tel.: 058-2551540

# F&F BODYGYM

Fricoweg 33<sup>b</sup> Wergea [bodygym@hetnet.nl](mailto:bodygym@hetnet.nl) [www.fenbodygym.nl](http://www.fenbodygym.nl)

# NAJAARSAANBIEDING

## 10% korting

*bij aankoop in 2010*

- Onderhoudsarm
- Tweedelig schuifdak
- Demontabel
- Ook maatwerk mogelijk

Instappen en wegwezen...

op dijzen    geschuteld    met steegplank    op dijver en wal    van wal naar wal

Genius Boothuis is een product van Microtruss Aluminiumconstructie BV - 058 - 213 79 61

GENIUS  
BOOTHUIS

bezoek [www.geniusboothuis.nl](http://www.geniusboothuis.nl)  
voor meer info en dealers

Showroom model z.g.a.n.

type wal-drijf  
L8 x B3,5 x H1,4 meter  
met witte kap

Nieuw prijs €4247,-

## NU

## € 3500,-



- truss systemen  
- special products

Celsiusweg 32 - Leeuwarden - [www.microtruss.nl](http://www.microtruss.nl) - 058-2137961 of Rinke Mous 2551154



# BELANGRYK NIJSBERJOCHT

Met veel plezier nodigen wij u uit voor de jaarvergadering,  
op **woensdag 14 februari 2011, in "US DOARPSHUS" te Wergea.**  
**Aanvang 19.45 uur.**

## AGENDA

1. Opening
2. Notulen 10 februari 2010
3. Mededelingen
4. Jaarverslag secretaris – notulist
5. Jaarverslag penningmeester  
Het verslag ligt een half uur voor de vergadering ter inzage.
6. Verslag kascommissie  
Beschikbaarstelling reserve kascommissielid.
- 6a. Huldiging jubilaris
7. Bestuursverkiezing; aftredend Greetje Koopmans-Langhout,  
A.Hornstra-Medemblik, W.Zwart-Andringa (allen niet herkiesbaar)  
De benoeming van nieuwe bestuursleden wordt tijdens de vergadering bekend gemaakt.
8. Rondvraag
9. Pauze  
Onze gast is Ria Hobert, zij werkt voor de gemeente Boarnsterhim als "meitinker" en vertelt over de onderwerpen; zorg, wonen en welzijn.



Wij hopen vele leden te ontmoeten op deze zeer belangrijke vergadering!

Namens het bestuur Vrouwen van Nu  
afd.Warten- Wergea  
Wieke Zwart-Andringa

## Verlag ledenbijeenkomst Vrouwen van Nu afd.Warten Wergea op 12 januari 2011



Greetje, wenste een ieder nog een gelukkig en gezond Nieuwjaar. Bij het punt mededelingen gaf de reiscommissie te kennen, dat wij samen in restaurant "de Riperkrite" in de Tijnje gaan dineren, op 26 januari a.s.

De internationale Vrouwendag op 8 maart a.s. wordt in Dokkum gehouden, hier kon men zich nog voor laten inschrijven. De wandelclub van BvPF is reeds volgeboekt, iedere maand gaan de dames 20 km. wandelen.

Hierna kwam mevrouw Carolien de Groot, officier van justitie bij het Openbaar Ministerie te Leeuwarden, aan het woord. Ze studeerde rechten van 1982-1987 te Leiden en is opgeleid in Den Haag en daarna Haarlem.

Mevrouw De Groot is woonachtig te Warten. Zij begon de lezing in toga, het symbool van de rechtspraak. De werkzaamheden zijn , opsporing, vervolging, Het Sepot, de transactie en de dagvaarding, overall kwam een antwoord op. De officier van justitie houdt in de gaten of de opsporing zorgvuldig en eerlijk verloopt. Als de officier van justitie in de rechtzaal het woord voert, staat hij of zij altijd. Om die reden worden leden van het Openbaar Ministerie ook wel staande magistratuur genoemd. Na de pauze, werden vele vragen beantwoord door mevrouw De Groot. Allemaal kregen wij reclame mee, w.o. ook een boetekaart. Greetje bedankte onze gast op toepasselijke wijze en overhandigde als dank een toepasselijk cadeau bestemd voor haar verzameling.

Daar Greetje nu afscheid neemt, bedankte ze de volle zaal, voor alle medewerking, de afgelopen jaren. Op 5 februari 2011 vertrekt zij naar Nieuw Zeeland om met de schotsploeg Fryslân op de kaart te zetten. Als dank hadden Alie en Wieke een afscheidsword op rijm.

Het bestuur



# Hawwe jo de balen?



**...dan ha wy de geschikte balenklem foar jo!**

Als specialist in alle soorten heftruck-voorzetapparatuur heeft Axtra de juiste klem voor uw specifieke toepassing.

**AXTRA**  
voorzetapparatuur

Axtra voorzetapparatuur BV  
Fricoweg 3a / 9005 PC WERGEA  
Tel. 058-2553011 / Fax. 058-2553012  
info@axtra.nl / www.axtra.nl

## Ervaar ook het gemak van winkelen aan huis

Een zeer ruim assortiment aan dagverse producten zoals:

- Zuivel, groenten, fruit en aardappelen.
- Kaas, vers van het mes.
- Brood, koek en banket.
- Vlees en vleeswaren
- Een groot assortiment aan kruidenierswaren.

worden bij u aan huis gebracht door

*De rijdende winkel*  
**Da's makkelijk!!!**


Tevens kunnen we u op bestelling leveren:

- Al uw dagelijkse boodschappen ('s avonds bestellen voor volgende dag)
- Fruit-, zuivel- en levensmiddelenmanden.
- Gekoeld bier en frisdrank voor al uw feestelijkheden.

Bent u 's avonds nog boodschappen nodig, kom gerust langs op Fricoweg 1D.  
(Elke avond tot 20.00 uur geopend)

### De rijdende winkels

Fam. Veenstra v.o.f.  
Fricoweg 1D  
Tel. (058) 2552589  
of (058) 2552904




*Sjoukje Feddes*

Erkend hypotheek adviseur  
Erkend hypotheekplanner

*"Bij mij is uw hypotheek in goede handen. In een persoonlijk gesprek leg ik u haarfijn uit, hoe en vooral waarom de desbetreffende hypotheek het beste bij u past. Deze werkwijze kan ik hanteren, omdat ik geheel zelfstandig werk en niet afhankelijk ben van één maatschappij. Een afspraak met mij voelt daarom heel persoonlijk en vertrouwd."*

## "Uw hypotheek goed en prettig geregeld"

- **deskundig:** als erkend hypotheek adviseur en planner ben ik op de hoogte van de nieuwste ontwikkelingen
- **persoonlijk:** in een afspraak bij u thuis neem ik de tijd die daarvoor nodig is
- **onafhankelijk:** daardoor kan ik kiezen uit het beste product
- **probleemloze afhandeling:** ik draag zorg voor het hele traject tot aan de notaris en gedurende de looptijd van de hypotheek
- **second opinion:** maak gerust een afspraak voor een vergelijkend adviesgesprek



**Sjoukje Feddes**  
**Hypotheekadvies aan Huis**

De Parse 3, 8491 PJ Akkrum, tel. 0566- 65 19 00  
mobiel 06 - 461 24 114, internet: www.hypotheekadviesaanhuis.nl

Erkend  
**Hypotheek**  
adviseur

KIFID

NVHP  
NEDERLANDSE VERZEKERINGS  
MAATSCHAPPIJ

## Natoernijs

De winter is op syn retour, jammer foar de riders mar in segen foar de fûgels want dy hienen it dreech. De Reiddomp foaral en dêr binne net altefolle mear fan.

De Guozzen binne ek nei it suden lutsen, hja binne noch net wêrom. By Eanjum (Anjum) sieten mar twa groepen Pauguozzen (Brandgans) fjirder neat te sjen yn de Eanjumerkolken. Mei de winter siet it midden fan Fryslân fol mei guozzen (ganzen) en by de kust wie net in goes te sjen. Dit hâldt ferbân mei wetter tinke wy. It kanaal wie noch hieltiten iepen, dêr koenen hja noch hinne om te drinken. By de kust siet alles ticht. Wat opfoel wie dat de measten dêr fan pauguozzen wienen, de oare guozzen, sa as de Blesgoes (Kolgans) en de Skiere Goes (Grauwe Gans) wienen fuort. Hja komme mei dit waar wol wer nei ús ta.

Dat is yndie sa, want wy wiene saterdei te guozze tellen en doe seagen wy kloften guozzen al wer op it lân sitten.

Yn dy tiid dat wy der hinne riden hearden wy op Omrop Fryslân, Janny Vaartsjes en Wiebe Sinnema praten oer ús moaie doarp Wergea. No dat wie harren wol tabetrout. Hja dienen dat mar kreas.

De earste ljippen binne der ek al wer en bliuwt it sa myld dan komt it oare spul ek sa stadichoan werom en gean wy nei de maitiid ta. Der is no net sa hiel folle yn de natuer te belibjen. De einen komme ek wer werom, sa as, de Seachbekken (Zaagbekken), Pylksturt (Pijlstaart), Rinkelein (Brilduikers) en sa wat hinne.

Wy wolle it diskear oer twa grutte ferskillen ha, de Lytste fûgel en de Grutste fûgel fan Noard Europa. Dat binne it Goudtûfke (Goudhaantje) en de See-earn (Zeearend).



It Goudtufke is in sjongfûgel en de See-earn is in rôffûgel. De lytste hat in gewicht fan 5 oant 7 gram en in lingte fan 9 cm.

De populaasje komt út Skandinavië en Siberië, hja gean yn 'e hjerst nei Midden-Europa en de Britse Eilânen. Yn Nederlân briede hja ek, hja nestelje boppe yn naaldbomen (Nullebeam) en Loofbomen (leafbeam). Jo kinne de fûgeltsjes hast net waarnimme en harren lûd is heech en tin. Yn de bosken fan It Wâld en Appelskea kin jo harren fine. Hjir selden, as ferdwalde gast sjogge jo se noch wolris.

No de grutste fûgel fan Noard Europa de See-earn. Hy hat in gewicht fan 4 oant 6 kg. En in lingte fan 70 oant 90 cm. mei in spanwiidte fan twa en in hele meter. De see-earn is goed waar te nimmen oan de úteinen fan syn wjukken, dy úteinen lykje wol op in hân mei útsprate fingers. Hja komme foar op Grienlân, Islân en Noarwegen. Yn de Oostvaardersplassen briedt in pear en yn de Lauwersmar siet in pearke mar dat is neat wurden. De proai bestiet út frij grutte fisken en guozzen, hazzen, einen en ek wol in jonge ree.

Fergelykje jo de wjukslaggen fan dizze beide fûgels dan falt op dat de grutte fûgel op termyk fljocht en de lytse tsjin de wyn in wrakselje moat. Mei min waar falle der in protte deaden ûnder de Goudtûfkes.

Lolke v.d. Meer seach om âld en nij hinne al fiif ljippen yn 'e kjeld by de Himpersermar polder. Tonny Biesterbos hie in Kwekfink (keep) yn syn tún. By ús seagen wy in keppeltsje Syskes (Sijsje) en keppeltsje Sturtmiesen (Staartmees).

Dit wie ús nijs fan jannewaris 2011.

S. en S. de Groot

## Vogelwacht Idaarderadeel Noord

(opgericht 1 mei 1944 –  
lid van de BFWW)



**Jaarvergadering op woensdag 16 februari 2011  
om 20.00 uur in café Lands Welvaren te Wergea.**

### Agenda:

1. Opening
2. Ingekomen stukken
3. Mededelingen
4. Notulen jaarvergadering 2010
5. Jaarverslag 2010
6. Verslag penningmeester 2010
7. Verslag kascommissie (M. Sytema en H. Wielinga)
8. Benoeming nieuw lid kascommissie (aftredend M. Sytema)
9. Pauze met verloting
10. Rayonvergadering
11. Bespreking BFWW jaarvergadering (4 maart 2011)
12. Verslag Scholen-Werkgroep Wergea
13. Bestuursverkiezing  
aftredend: E. de Jong (herkiesbaar).  
H. Jelsma (niet herkiesbaar).
14. Rondvraag
15. Blik op zolder
16. Sluiting

**Kandidaten kunnen zich tot voor het begin van de vergadering opgeven.**

Namens het bestuur,  
F. de Bruin, voorzitter  
J. de Boer, secretaris

<b>Secretariaat</b> J. de Boer De Marren 45 9005 NS Wergea
---



Het idee is dat de woningmarkt in beweging moet blijven.

Het ligt zo voor de hand, maar toch. Als je als starter de kans niet krijgt om te starten, dan gebeurt er niet veel meer op de woningmarkt. Met de Generatietotheek van de Rabobank is dat anders. Dan kun je toch, met financiële hulp van je familie, een huis kopen. Zo helpt iedereen elkaar, en komt de woningmarkt weer in beweging.

Generatietotheek.

Rabobank. Een bank met ideeën.

[www.rabobank.nl/lnwf](http://www.rabobank.nl/lnwf)



Rabobank

# A3 BOUWADVIES

A.J. Boermans  
De Mounder 8  
9005 RL Wergea

Tel 058-2553132  
Fax 058-2553132  
Mob. 06-53362587

FOAR IT UTWURKJEN  
FAN JO  
BOUPLANNEN

Verbouw - Aanbouw  
Nieuwbouw

o.a. Ontwerptekening - Bouwaanvraag  
Epc-berekening - Werktekening  
Constructieberekening

[www.a3bouwadvies.nl](http://www.a3bouwadvies.nl)

# FENDT

Voor grote ...



... en kleine klanten ...



... steeds de beste investering!

**MEINDERTS**  
**WERGEA**

LANDBOUWMECHANISATIE EN CONSTRUCTIE

Wartensterdyk 2  
9005 XS WERGEA  
Tel 058 - 255 15 65  
Fax 058 - 255 20 20  
Mail [info@meinderts.nl](mailto:info@meinderts.nl)  
Web [www.meinderts.nl](http://www.meinderts.nl)

## De Frico 2



It duorret noch in setsje, mar dan hearre we by Ljouwert. Slim? Nee, neffens my frij logysk. Wêr soene de Wergeasters oars hinne moatte?

Yn 'e twadde wrâldkriich moasten de Wergeaster Fricominsken nei Frico Ljouwert te wurkjen. Folle nocht hiene se der net oan, mar se hiene neat te wollen. Op wei nei Ljouwert wegere harren auto ynienen samar yn Goutum. Ridlik gau krigen se him wer op gong, mar wol 10 minuten te let op it wurk.

Dêr waard harren meidiel dat se 10 x oardel sint (15 sinten dus) dy wyks minder yn it leanpûdsje fine soene. Dat joech opskuor en net in bytsje. Harren protest slagge. Frico Ljouwert liet lykwols Wergea witte dat se fan sokke oproerkraaiers gjin ferlet hiene. De mannen koene tenei yn Wergea bliuwe en dêr kamen se op wachtjild.

In lasarbeider út Wergea, litte we him mar Freark neame, wie om 't de leanen dêr by de boer gâns better wiene, mei syn frou nei Dútslân set. Doe 't hy al jierren werom wie, bruts de oarloch út en kamen de Dútsers ús lân yn. Oer harren gjin kwea wurd by Freark. Hy hie it dêr bêst hân. Yn de dagen nei de befrijing waard dy hâlding him kwea ôf nommen. (Net terjochte sei men letter gauris tsjin my.) Doe 't hy werris foar in smoarch putsje yn 'e fabryk nedich wie, kaam hy wer opdraven. Men woe graach dat hy yn in tsjettel kroep om dêr de tsjettelstien ôf te bikjen.

Guon arbeiders woene in grap mei Freark úthelje en diene de deksel fan de grutte tsjettel ticht, doe 't hy klear wie en derút woe. "Ast der út wolst, moast earst it Wilhelmus sjonge", rôpen se tsjin him. Mar dat ferpofte Freark. Wreed waard eltse kear mar wer sein: "Earst it Wilhelmus". Doe hat Freark dochs mar dien wat se woene. Tsjinwurdich hat men it gauris oer pesten op 'e wurkflier. Dit soe der hast in foarbyld fan wêze kinne yn eardere tiid.

Op sekere dei song Melis Busmar it ek net út. Hy frege, om 't hy trouwe soe, in dei frij. "Do hast betide tsjinst dy dei", seine se tsjin him. "Do bist moarns 11 oere al klear en do troust pas om 2 oere. Hast alle tiid om dy te ferklaaien". Gjinn frije dei!

Peet Terpstra en Age Hempenius fersierden op Jan van Wijk syn jierdei de spielmasine mei in bân fan moai kleurde kapsuleresten. Jansma, harren baas, seach it, waard liik en joech de twa mannen fuort dien. Alle mannen fan de ôfdieling yn optocht nei it kantoar. Stompend en kringend rekken se der allegearre yn. Rissultaat: Peet en Age koene wer begjinne.

Direkteur Sipke Wielinga seach by 't trochrinnen fan de fabryk op 'e brijsouder in flesse rizenbrij dy 't hast brún wie. "Hoe kin dit?", frege hy oan Henk Pasveer. Henk gie flak foar de flesse stean, seach goed, gie in stap efterút, beseach de flesse nochris, gie nochris efterút en sei doe: "Miskien is er wel yn Indië weest". Sipke: "Soademiterje mar op!"

Master Brada, it haad fan 'e R.K. skoalle yn Wergea joech oan jonge mannen út 'e bûterfabryk bylessen, kursussen neamd. It barde yn 'e Konsistoarje fan de Herf. Gemeente oan 'e Grutte Buorren. Op in jûn demonstrearre hy in proef mei in knikkert. Hy smiet de knikkert by in skeef hâlden tafel op en op seker momint rôle sa 'n knikkert net fierder. Brada: "Hy blijft liggen!" Melle Finnema: "Hoe bestaat het!"

Sybren v.d. Vlugt



### Stek(je) ûnder wetter

Wat sil Durk bliid west wêze!!!!



# Jelle Talsma

auto bedrijven  
www.jelletalsma.nl

Leeuwarden: Jupiterweg 3. Tel. 058 - 288 10 80

Heerenveen: Skrynmakker 20. Tel. 0513 - 63 62 01

Drachten: Jade 6. Tel. 0512 - 54 28 03



Ook voor uw  
Tuinaanleg en  
onderhoud

A. Wobbles Bloembinderij v.o.f.



Kleine Buren 9005 NW Wergea  
tel. (058) - 255 17 84

info@bloembinderijwobbles.nl

 **VAN DER HEIDE**  
**Schilders Wirdum**

Het adres voor uw :

- \* Binnen en buitenschilderwerk
- \* Wand en plafondafwerking
- \* Glasservice
- \* Houtrotreparaties
- \* Vastgoed onderhoud
- \* Glas en gevelreiniging
- \* Levering van verf, behang en glas

www.vanderheide-schilders-wirdum.nl  
telefoon : 058-2553491 / 06-21895488

 **VAN DER HEIDE**  
**Schilders Wirdum**

## Alde Berend

Lêstendeis sieten wy mei syn trijen yn "t Swetshok". Lolke en Tonny wiene hjir. As jongens hiene wy by elkoar yn de klas sitten op de legere skoalle yn Wergea. No hellen wy wat ferhalen op, út dy tiid. Lolke wie, krekt as ik, in ljipaaaisiker. Mar Tonny wie spesjalist yn't einaai sykjen. Noch altyd trouwens.

"Tonny", sei Lolke, "Tonny, it is as rûkt er it nêst aaien". Sa as in goeie mollehûn in mol rûkt ûnder de sjêde, sa rûkt hy in nêst bestoppe einaaien yn de wâl. "Neat moaier dan it finen fan in nêst einaaien", sei Tonny. Hat altyd al sa west. As jonge strûnde ik moarnier, foar skoalletiid al de wallen lâns.

Ik begong altyd mei de Wartensterdyk, oare moarns nei Warstiens, woansdei de Grutte Mar op nei Eagum, de middeis mei de skou de Meanewei del en tongerdeis de Ljouwerdyk út nei Goutum. En sa wie it fjouwer dagen letter en begon ik wer op nij, dan hiest net faak bebrêdde aaien. En as se de lêch út hiene begongen se opnij.

De plysje? Ne jong, dat foel wol wat ta. Hiest allinne plysje Witvoet út Warten wêrst om tinke moast. En moarns, sa betiid, wie er noch net yn't spier.

"Hoe moast no sa'n nêsteinaaien fine Tonny" frege ik. Ja, hoe moast in nêst einaaien fine? Hiel gewoan!!

No, as 't in jerke allinne sitten sjochst, waaks, dan hat er de ein op it nêst. Dy jerke sit altyd boppe de wyn fan 't nêst. By ûnrîe makket dy jerke alarmlûdsjes, moast se fansels al kinne, oars hearst it ferskil net. En fljocht dan allinne fuort mei gâns kabaal. In ôfliedingsmanoeuvre, want tagelyk slûpt dan it einsje fan 't nêst. Dy fernimst net en dêr foar, hat dat eintsje de aaien noch bestoppe.

No dan moast de wâl del. In moai rûch pôltsje, wat reid dat krekt efkes oars leit, in plûmke oan in reidsje, in pear ôfbrutsen snyltsjes, in hiel behindich paadsje troch de wâl, in gâtsje yn 't reid net 't wetter. Och der is safolle wêr 't dyn each op falle kin. Wat seist, "Ja, de jerke makket it nêst". Ek mar ien! As 't ferballe is, de aaien der út helle of der komt in ferkearde lucht oan, dan makket er in nijen ien. In ein sil noait wer yn dat selde nêst lizze en ek in oare ein net.

En as 't kwaaikest dan moast oppasse foar de rook. Oooo..... in wylde ein rûkt sa skerp. Dat kinst dy net foar stelle, hoe in rook in ein hat. En snoad!!! Der binne eintsjes by, as dy fan 't nêst slupe, dûke se fuort ûnder wetter. Se komme wer boppe mei wat wier of oare plantegroei op rêch en op de kop. Se lizze plat op 't wetter, der mar krekt boppe. Dy sjochst noait lizzen ek al stiest der mar twa meter ôf. Och wat is sa'n eintsje snoad.

It earste aai dat in ein leit, lit se altyd iepen en bleat yn it nêst lizze. Dat is syn test, sis mar. As dat aai der de oare deis noch leit, net opfretten is troch krieen, eksters, hoarnskrobbers, mûzebiters, murden in foks of oar ûnrrant dan is dat plak foar dy ein feilich.

En sil se it twadde aai der by lizze. En dan dizze en alle aaien dy't der by komme bestopje as se fan't nêst giet. Ek as se sit te brieden. Sit se te brieden en wurdt se ferballe, hat se gjin tiid om de aaien te bestopjen, dan skyt sy earst noch oer de aaien foardat se der ôf fljocht. En dy stront stjonk oergrylik!! Dat is har needbeskerming sis mar. Rovers moatte hjir troch op ôfstân bliuwe en net rûke kinne dat it aaien binne. Mar ek wol gauris is sa'n ein te let en pakt in murd, marter of foks sa'n eintsje fan it nêst. Byt har dea en nimt it mei, nei harren nêst jongen en hellet dan letter de aaien op.

Ja, it eintsje bried de aaien út. In jerke komt noait op it nêst. Kin ek net ju, soe fiersten te folle opfalle. Sa'n wyld eintsje wat sit te brieden yn de reiden, sjochst hast net sitten. Prachtich sa 'n skutkleur as sy ha.

Mar no in oar foarfaltsje, sa gie Tonny fierder. Wy sieten yn de fjirde klasse by meester V/d. Meer. En wy hiene yn dy klasse it útsjoch op it tsjerkhôf. No net bepaald in fleurich útsjoch foar bern, mar hawar, it wie sa. Ik siet foar de safolste kear de grêfstienen wat te besjen en sa skarrelt dêr in eintsje oer it tsjerkhôf nei de klimop tsjin de tsjerkemuorre. En dêr waard se wei. Dat de jûns tsjin skimer der hinne. Jo mochten net op it tsjerkhôf komme. Mar wol tolve aaien!! Ik ha dat jier 218 einaaien ferkocht. Fan dat jild ha'k doe in nije pols kocht by Bartle Hiske, fan amerikaans grenen. Alle jierren nei it aaisykjen sette ik de pols yn de lynoalje en burch him op mei op fjouwer plakken steun ûnder de stok, tsjin it krom lûken.

Oan wa ferkochst al dy aaien fregen wy. No, de earsten naam karrider Marten Bergsma mei. De djoersten ha'k ferkocht foar 10 sinten it stik. Letter as der wat mear kamen, waard dat al gau 7 sinten as in stoer.

Mar as se sakke wiene oan't in stoer, dan brocht ik se nei âlde Berend. Dy joech altyd in stoer. Ek al koest by Bergsma mar trije sinten krije, âlde Berend betelle in stoer en dy ferkocht se dan ek wer troch. It wiene myn bûssinten. Yn dy fyftiger jierren wie der oars ek noait wat te fertsjinjen. "Hast dy noch wol kin 't", fregen se my "âlde Berend?"

Alde Berend wenne oan de oare kant fan de Wergeasterfeart, oan it begjin fan de Hillebuorren as't fan de Domwiersterkant kaamst.

